

**I.F.A.T.**  
It Frysk Amateur Toaniel



Oprjochte 24 july 1953 troch  
BFT - FBOU - IT SELSKIP

Y N F O R M A A S J E  
I F A T  
I T F R Y S K A M A T E U R T O A N I E L

**I F A T : De takomst fan it Frysk binne wy sels!**

**I.F.A.T.**  
It Frysk Amateur Toaniel



Oprjochte 24 july 1953 troch  
BFT - FBOU - IT SELSKIP

## **YNLIEDING**

**IFAT IS DE LANLIKE ORGANISAASJE FOAR FRYSTALICH  
AMATEURTOANIEL**

**YN DE RIN FAN DE JIERREN IS IT BEGRYP AMATEURTOANIEL  
BINNEN IFAT-FERBAN FERBREDE NEI NIJE AKTIVITEITEN,  
DY'T MEI DE FRYSKE TAAL EN KULTUER TE KRIJEN HAWWE.  
FOARBYLDEN DERFAN BINNE AKTIVITEITEN OP IT MED FAN  
JEUGD-JONGEREIN EN IT FOARLEZEN YN IT FRYSK OAN PJUTTEN**

**HJIRBY BIEDT IFAT JO YNFORMAASJE OAN OER  
HAR DOELSTELLING  
AKTIVITEITEN EN PROJEKTEN  
SINTERAASJE EN BESTJOER**

**WY WINSKJE JO FOLLE LESNOCHT**

**BESTJOER IFAT**

maaie 2007

Skriuwerskip: Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert; t. 058- 2125383  
e-post: [kornelis.kuipers@12move.nl](mailto:kornelis.kuipers@12move.nl)

**I F A T : De takomst fan it Frysk binne wy sels!**

**I.F.A.T.**  
It Frysk Amateur Toaniel



Oprjochte 24 july 1953 troch  
BFT - FBOU - IT SELSKIP

## Y N F O R M A A S J E IFAT

1. YNLIEDING
2. WAT IS IFAT - WAT DOCHT IFAT
3. AKTIVITEITEN / PROJEKTEN
4. SINTERAASJE
5. BESTJOER

bylage:  
folder A-4ke Ynformaasje IFAT

## -----Stifting It Frysk Amateur Toaniel - IFAT-----

### **2. Wat is IFAT en wat docht IFAT**

IFAT is: It Frysk Amateur Toaniel, IFAT is it “koepeljende” orgaan foar Frysktalich amateurtoaniel yn Nederlân en dêrmei de belangenbehertiger – lânelik – fan en foar selskippen en kriteren yn en bûten Fryslân.

(de NVA en Theaterwerk binne dat foar it Nederlânstalich amateurtoaniel).

IFAT is yn 1953 oprjochte troch:

- BFT – Boun Fryske Toanielselskippen
- FBoU – Frysk Boun om Utens
- It Selskip – Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

IFAT omfettet sa’n 170 amateurtoanielferienings en kriteren mei mear as 3500 aktive toanielspilers / spylsters en jierliks mear as 100.000 besikers by Frysktalige útfierings (boarne enkête BFT).

IFAT is in frijwilligersorganisaasje / sûnder betelle oerhead.

IFAT is in lânelike organisaasje mei lânelike subysdzje; IFAT kriget sûnt 1953 lânelike subysdzje: earst fan Ministearjes fan CRM, WVC, OC&W en sûnt 2002 yn it kader fan de Bestjoersôfspraak “Friese Taal en Cultuur”.

IFAT is it oerkoepeljende orgaan fan selskippen / kriteren oansletten by:

- STAF dg. Boun Fryske Toanielselskippen, yn Fryslân
- Frysk Boun om Utens, organisaasje Frysktalich toaniel bûten Fryslân – FBoU
- It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse yn Fryslân

IFAT stiet foar it:

Fuortsterkjen fan ... oansetten jaan ta ... befoarderje fan ... partisipearje yn ...

stypjen fan - kwalitatyf – aktiviteiten fan de trije boppesteande organisaasjes en harren leden.

Gearfetsjend: IFAT ferfolgt in sosjaal maatskiplike funksje, in sosjaal-kulturele funksje, mar benammen ek in taal befoarderjende funksje, nammentlik it befoarderjen fan de twadde erkende Rykstaal yn Nederlân: it Frysk.

**I F A T : De takomst fan it Frysk binne wy sels!**

### 3. Aktiviteiten / projekten ( foarbylden fan )

Aktiviteiten wurde foar it grutste part troch de oansletten organisaasjes útfierd, in beheind tal wurde yn eigen behear – en/of yn de mande mei - organisearre.

Foarbylden fan dy aktiviteiten en projekten:

Toanielkursussen: Kursussen om nocht te krijen oan toanielspyljen en de grûnbegjinsels hjirfan leare, organisearre troch de oansletten organisaasje sels.

Toanielstúdzjedagen: tal dagen toanielstúdzje foar toanielspilars/sters, dy't harren fierder bekwame wolle op it mêd fan toaniel.

Toanielstúdzjewykeinen: wykeinen foar toanielspilars/sters om mei-elkoar it eigen toanielspyljen op in heger plan te setten.

Toanielkrigen: ûnderlinge wedstriden fan toanielselskippen om it heechste nivo te berikken.

Karmasterkursussen: kursussen om it skôgjen te learen fan spyljende toanielploegen om dy troch punten en in evaluaasjepear op in heger plan te bringen.

Jeugd-jongereintoaniel: û.o. útjaan bondel oersettingen, Frysktalich jongereintoaniel en Projekt de Jongerein

Fryske Toanielkrante: tydskrift foar Fryske amateuraktiviteiten, gearstald troch Frats.

Toanielboekerij: Frysktalige toanielboekjes bliuwe hjir bewarre. Toanielselskippen kinne hjir in berop op dwaan.

Kollektive fersekering WA-Transport

Taalkursussen

It befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn it Frysk oan pjutten.

**IFAT : De takomst fan it Frysk binne wy sels!**

#### **4. Sinteraasje**

De ynkkomsten fan IFAT besteane út:

- rinten
- subsydzjes

Sa as sein, IFAT is mei yngong fan 2002 opnaam yn de Bestjoersôfspraak “Friese Taal en Cultuur”, ynhâldlik foar de perioade 2002 oant 2010.

De subsydzje wurdt takend yn ‘partsjes’ fan 4 jier, foar de twadde perioade oer 2005 oant ‘e mei 2008.

#### **Bestjoersôfspraak**

Yn 1989 (fernijd yn 1993 en 2001) hawwe de Ryksoerheid en it Provinsjaal Bestjoer fan Fryslân in Bestjoersôfspraak “Friese Taal en Cultuur” sletten.

De Bestjoersôfspraak befettet de útwurking fan de dieldelike ferantwurdlikheid fan de Ryksoerheid en it Provinsjaal Bestjoer foar it Fryske taalbelied.

De ôfspraken tusken Ryk en Provinsje binne oardere neffens de haadstikken yn it Europeeske Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen: ûnderwiis, justysje, iepenbier bestjoer en publike tsjinsten, media, kultuer, sosjaal en ekonomysk libben, kontakten oer de grins.

IFAT kriget jierliks in subsydzje fan goed 9.000 euro, mei in jierlikse yndeksearring.

Foar de simmer fan 2002 is dizze nije sitewaasje besprutsen mei oansletten organisaasjes en binne der mienskiplik yn goed oerlis nije útgongspunten fêststeld.

**IFAT : De takomst fan it Frysk binne wy sels!**

**5. It bestjoer fan IFAT bestiet út seis persoanen:  
fan de trije oansletten organisaasjes elts  
twa fertsjintwurdigers**

Bestjoer 1 maart 2008:

Foarsitter: Mefrou G.J. Frieswijk  
Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam  
Fertsjintwurdiger fan STAF / dg. BFTselskippen

Skriuwer: Hear K. Kuipers  
Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert  
Fertsjintwurdiger fan It Selskip

Skathâlder: Hear P. de Groot  
Romke van Damwei 4, 8406 EL De Tynje  
Fertsjintwurdiger fan It Selskip

Lid: Hear Douwe Fierstra  
Riddersdreef 59, 2542 XR Den Haag  
Fertsjintwurdiger fan FBoU

Lid: Hear P.F. Zeilstra  
Uranusstrjitte 9, 8521 LZ SINT NYK  
Fertsjintwurdiger fan STAF / dg. BFTselskippen

Lid: Hear Sj.D.A. Bakker  
Koelmansstraat 10, 7722 LX Dalfsen  
Fertsjintwurdiger fan FBoU

Korrespondinsje adres:

IFAT  
Willem Loadewykstrjitte 115  
8933 BL Ljouwert  
058 – 2125383  
e-mail: [kornelis.kuipers@12move.nl](mailto:kornelis.kuipers@12move.nl)

**IFAT : De takomst fan it Frysk binne wy sels!**